

In wrâld fan bibel, bidden en blabber

troch **Tsjerk Veenstra**

De lêste roman fan Durk van der Ploeg, *De Iishilligen*, spilet him ôf yn de tritiger, fjirtiger en fyftiger jierren fan de foarige ieu op de Bandt, in úthoeke oan de seedyk tusken Peazens en de Skâns, yn en om it Bandthûs en de Bandtwei dy't fan de seedyk nei Eanjum rint. Hear en master binne yn dy krite de hearen yngelanden fan de Eanjumer- en Ljussemerpolder dy't de Bandt yn 1805 foar 3300 gûne kocht hawwe. 'Feitlik moast der west ha, oars kinst oan gjin sterveling útlizze hoe iensum en ôfgelegen it dêr wenne. Sawol binnen- as bûtendyks fynst dêr in leechte fergelykber mei dy út Genesis.'

Eeltsje Botma, dy't Eman neamd wurdt, is fiif as er dêr te wenjen komt. Pake Eeltsje kin it wurk net langer dwaan en yn de krisisjierren is in hûs en wurk al hiel wat, hoe ôfgelegen ek.

Eman is in man op jierren as er alle jierren nei Stiem ûnder Eanjum komt om de grêfrjochten te beteljen en in loop nei de Bandt te meitsjen en sa wurdt er de ferteller fan it ferhaal oer de húshâlding dêr't er diel fan útmakke hat en de

krite dêr't er grutwurden is. Sa't syn broer Nutte plichte te sizzen: 'De wrâld fan bibel, bidden en blabber.'

Sa is 't mar krekt: der wurdt omraak bibellêzen en bidden, se geane sneins twa kear nei 't tsjerke (en bliuwe tusken de tsjinsten oer yn it lokaal fan Eanjum) en komme soms ûnder iis en izel wer thús: de iishilligen. Se wurkje harren in ûngelok yn de blabber foar de hearen yngelanden, want dat heart by it wenjen yn it Bandtshûs. De hiele húshâlding moat yn it spier om te skieppetellen, lammefangen, te dykjen en lânoanwinnen, te stikelen-seaddestekken om de dyk geef te hâlden, sûnder ek mar in bytsje te bedijen. Dat alles ûnder tafersjoch fan Barwegen, de dykgraaf, en syn konfraters dy't as in soarte fan adel oer harren hoarigen beskikke oant dochter Rika ta. Sy moat by Barwegen komme te tsjinjen om it ferlies fan trije skiep goed te meitsjen en as de frou siik wurdt, wurdt se foar dei en nacht opeaske. As se komt te ferstjerren, wurdt Rika húshâldster en freget se har bern werom dat by har mem grutbrocht is. Fan wa't dat bern is, bliuwt in riedsel. It soe fan de oanspielde Deen Holger wêze kinne, mar grutte kâns fan Bar-

wegen, dy't wol op in stamhâlder út west hawwe sil.

De sosjale ferhâldingen fan dy tiid wurde moai tekene yn de grutte ûnderdienigens fan de heit dy't út syn sterke leauwe wei him wit te skikken yn it lot en dat ek oerbringe wol op syn soannen Nutte, Weal, Welmer en Eman. Mar de tiden feroarje en by eintsjebeslút sil allinne Weal by Barwegen yn it wurk komme, mar dy kin net foar fol trochgean om't er in swakke holle hat. Welmer wurdt arbeider en Nutte siket it yn de moderne tiid yn it izer, 'izer hat de takomst', motors en masines. Iroanysk genôch sil it izer syn dea wurde. Eman kin nei de mulo en ta skoalmaster leare om't mem dat sa wol en heit net mear tsjinkselje kin om't er ferstoarn is. De mem is de trochsnee mem fan dy tiid: se hâldt de húshâlding byinoar, giet net iepenlik tsjin de heit yn en skikt har yn har lot mei sa no en dan in opljochtsjen fan eigen wollen. Van der Ploeg makket dat gegeven net moaier en idealer as it wie yn dy tiid, al hie om it ferhaal bygelyks Rika wol wat mear reliëf hawwe kinnen. Se hat har dreamen om har los te meitsjen fan Barwegen en winkelfaam te

wurden yn Dokkum en dat slagget ek nei de oarloch, mar it giet allegear tuike tuike.

De fletse tekening fan Rika jildt ek de oare personaazjes. Dat komt troch it perspektyf dat Van der Ploeg keazen hat: Eman is as âldere man de ferteller en hy moat faak riede hoe't syn heit en mem en bruorren en suster tocht hawwe en wat harren beweegd hat. Dat liedt ta soms yrritante bespegingen en werhellingen: 'Soe it sa west hawwe, of sa, en koe it faaks dat?'. Dat hat fan gefolgen dat Eman oerkomt as in stinner en in lêzer moat wol in soad moederaasje opringe om mei in stinner mei te tinken. Dy moederaasje ûntstiet ek net troch it feit dat hy de twadde Eman is nei de earste tige jong ferstoarne, omdat dat ek wer net sa'n grutte rol spilet yn syn libben.

De perspektyfkar hâldt de skriuwer tige konsekwint fol, mar ik hie bygelyks wolris in perspektyfwiksel sjen wollen nei Rika ta of byneed hie se har ferhaal dwaan kinnen yn de skeante fan de seedyk tsjin Eman oer dy lompert fan in Barwegen en wat se dêr allegear út te stean hie en fan wa't dat bern no wie. Dy fertroulikheid is

nearne yn it boek te finen en dat makket it ferhaal platter as winsklik is. Dy kâns hat de skriuwer slûpe litten, faaks troch syn fassinaasje foar de bûtenwrâld: natoer en lânskip, waar en eleminten, huzen en hokken. Se binne rynsk foarhannen en dochs wolle se yn dizze roman, lykas bygelyks wol yn *Foarby it Boarkumer fjoer* en yn de novelle *Bertegrûn*, net oan de bonken komme en de lêzer kâlde rilen besoargje. It boek is fjouwerhûndert siden tsjok en ik doar út te hâlden dat dat op syn minst hûndert tefolle is. Op in stuit leauwe wy it allegearre wol en wurkje de werhellingen allinne mar tsjinich.

Yn Iishilligen is it libben yn in úthoeke, in grime herne, fan de Dongeradielen yn it twadde fearn fan de foarige ieu ta libben brocht. Kultuer-histoarysk is dat fan grut belang, benammen ek as part fan dy grutte rige wurken dy't Van der Ploeg dêr oer skreaun hat. It kin net altyd kaviaar wêze, mar spitch bliuwt it dat der dizze kear literêr net sa folle te genietsjen is.

Durk van der Ploeg, De Iishilligen, 400 siden, Friese Pers Boekerij, Ljouwert, priis: 19,50 euro